



Lietsjes foar it Frysk selskip 'Swol'

<https://hdl.handle.net/1874/231475>

~~S. van der BURG~~

~~Notaris~~

~~MAKKUM.~~

LIETSJES

FOAR IT

Frysk Selskip „SWOL”

BY INOAR SAMMELE TROCH

F. B. H. EN J. D. J. HZ.

Allinne for 'e Leden to krijen bij it Bistjûr.

PRINTE BIJ

DE ERVEN J. J. TIJL

TO SWOL

ms

147

11
52

mm 010023

147. K. 52

LIETSJES

FOAR IT

Frysk Selskip „SWOL”

BY INOAR SAMMELE TROCH

F. B. H. EN J. D. J. HZ.

Allinne for 'e Leden to krijen bij it Bistjûr.

PRINTE BIJ
DE ERVEN J. J. TIJL
TO SWOL



IN LYTS BYTSJE FOARÔF.

*In Fryslân wudt folle sjongen, — haret oaren ik sizze
meie. Wy hawwe seis of saun lietsboeken, sels as de
bernelietsjes net meirekkene wudde.*

*Mar dy boeken binne pryzich. — In dôchs wolle wy
hjyr yn Swol by ús winterjounenochten ek net mei inoar
swije!*

*Derom ha wy for ús Selskipsliden-allinne in party
Lieten bij inoar socht, dy net yn 'e Boekhannel to kryen
binne, mar tsjyn in pryske by it Bistjûr.*

*Wy hoapje dat elkenien fen jymme der haret bij fyne
sil dat him noasket.*

*Om 't it to jûr wudde soe, ha wy-de wizen der net by
skreaun. As 't goed gijt, komme dy letter! Mar as jymme
trou op ús gearkomsten komme, sille jymme dy gau hiem
wêre: der sil noch al 'ris in lietsje oanstimme wudde!*

*Sa mei dit boekje net allinne bij ús gearkomsten
firtûten dwaen, mar sille jymme der ek troch oanfitere
wudde om thús de lietsjes noch 'ris to sjongen.*

DE SAMLERS.

Frysk Folksliet.

Frysk bloed, tsjuch op! wol nou ris brûzje en siede.

En bounzje troch ús ieren om!

Flean op! Wy sjonge it bêste lân fen 'e ierde:

It Fryske lân, fol eare en rom!

Klink' den, en daverje fier yn it roun, { *twaris.*
Dyn âlde eare, o Fryske groun.

Ho ek fen oermacht, need en sê betrutsen,

Oer-âlde, ljeawe, Fryske groun —

Nea waard de fêste, taetje bân forbrutsen

Dij 't Friezen oan hjar lân forboun.

Klink' den, ensfh.

Fen bûgjen frjend, en fij fen ljeave wurden,

Wier rjucht en sljucht hjar hert en sin.

Hja beane om neat, mar mei de bleate swurden

Stien' se alle twang en oerlêst tsjin.

Klink' den, ensfh.

Troch-loftich folk fen dizze âlde namme,

Wêz jimmer op dyn âlden great!

Bliuw iwich fen dy hege, grize stamme

In grien, in krêftig bloeijend leat!

Klink' den, ensfh.

v. L. s. 130.

Dr. E. HALBERTSMA.

Fryslân.

Alle minsken binnst myn broarren
En de hiele wrâld myn thús;
Mar it bloed yn fryske ieren
Krûpt nei Fries en Fryslân ta. (*twaris.*)

Gelderlân, sa ljeaf en frjeonlik!
Hollân, great yn jild en rie!
'k Soe wol graech er weinje wolle,
As er mar nin Fryslân wie! (*twaris.*)

Fryslân! Fryslân! de lânsdouwe
Dêr ús mem my widze het,
Dêr ik boarte mei de famkes,
O! det lân forjit ik net! (*twaris.*)

Fryslân, Fryslân! Dy forjitte,
Kin 'k allinne yn 't tsjuster grêf;
'k Seil dyn helden-rom útmjitte
Sa lang as ik sykje kin! (*twaris.*)

v. L. s. 37.

Dr. J. H. HALBERTSMA.

Lietke.

WIJZE: *O Strasburg!*

O Fryslân, o Fryslân,
Myn ynljeaf heitelân! (*twaris.*)
Oan dy is myn herte }
Forboun mei fêste bân! } *twaris.*

O wentsje, lyts wentsje,
Dêr 't soargjend memme-each (*twaris.*)
My, bern, yn biwekke — }
Och! dê ik wer dy seach! } *twaris.*

O reauntsjen, swiet reauntsjen
Fen memme widzesang, - (*twaris.*)
Ho fielt yett' myn herte }
Dyn sillich-sêfte twang! } *twaris.*

O doarpke, ljeaf doarpke,
Dou frédich drôgjend gea! (*twaris.*)
For dy is myn leauntsjen; }
Myn hert'ne djipste bea! } *twaris.*

O marke, glêd marke!
Ho'n swiden wille ik hie, (*twaris.*)
Do 'k, jong, oan dyn iggen }
Sa frolik boarte en die! } *twaris.*

O langstme, o langstme,
Hwet makkest my ûnstjûr! (*twaris.*)

He tilstou myn finzen }
~~My~~ heitlâns fjilden oer! } *twaris.*

Ja Fryslân, myn Fryslân,
Dou neasich lapke groun, (*twaris.*)

Oan dy is myn herte }
Mei ljeafde-bânnen boun! } *twaris.*

JAN FEN 'E GAESTMAR.

De Fryske tael.

Jimmer mat ik smeulend hearre:

Fryslâns sprake mat forgean
En oan forfal fen krêften stearre;

Hja is to'n ein en kin net mear bestean.
Mar ik sil stride, sa lang ik stride kin
For Fryslâns tael en frije Fryske zin.

Fryslâns tael, Fryslâns tael,
Fryslâns tael hâld ik yn eare!
Fryslâns tael, Fryslâns tael,
Fryslâns tael, sa fol fen krêft en prael.

O, ik sjuch it, by de Friezen

Nimt de sucht for 't freamde ta;

Det docht my hast de moed forliezen;

It bastre skaei wol 't rounne Frysk net ha.

Mar ik *ensfh.*

Al hwet ienkear wêzen krige

Mat ek wer forsinke yn 't neat.

Dy stielen wet, ik fiel it tige,

Wirdt troch gjin krêft, gjin iizren wille keard.

Mar ik *ensfh.*

Mat ús âlde sprake stearre,
Frije Friezen, help net mei
Om hjar moedwillich to bidearren;
Smyt al t' oerdwealsk jimme âlders erf net wei.
Né, ik *ensfh.*

Is den nei forrin fen ieuwen
Ek ús âlde tael forgien,
Sa lang der earne Friezen bliuwe,
Hja sille 't witte en priisgje hwet wy dien'.
Ja, ik *ensfh.*

T. s. 28.

WALING DIJKSTRA.

Us Fryske tael sil bliuwe.

Wize: *Pake Klok.*

Us tael sil net stjerre, ús tael wirdt wol brûkt,
Salang as de sinne yet skynt,
Ja, salang as in mem mei hjar ljeafde ús lûkt,
Us ljeafde for Fryslân net kwynt.—
Sjongt in Friis fen syn heide, mei blomkes en sân,
Fen de weagen fen mar of fen sé,
Fen it nôt op de bou, of 't grien op syn lân,
Fen syn beammen, syn fûgels, syn fé,—
Sa'n Fries, yn 'e wolken, sa tyg op 'e trie,
Dy sjongt Fryske sankjes, dy 't mem ek al hie,
Wol er sjonge, hy sjongt sa 't mem it ek die.
Fen de widze nei 't grêf bliuwt er Fries.

II. VAN WARNERS.

Wy, wy litte ús tael net farre!

Wy, wy litte ús tael net farre
Lit se ek manniich herte kâld:
Fryske klanken, Fryske sprake }
Hawwe yn 't Fryske hert hjar hâld! } *twaris.*

Langer al as tweintich iuwen
Hat it Fryske folk bistien,
Hat it fen syn leed en wille }
Yn dy klanken út'ring dien! } *twaris.*

Skien 't de sé it lân toгнаude,
Oermacht mei forrie yn boun
't Heitelân yn 't leech sims fierde: }
d'Alde spraek klinkt yet yn 't roun! } *twaris.*

Wy, wy sille ús tael biwarje,
Tsjûge en byld fen 't Fryske sin;
Ofprint fen de geast fen d'âffears, }
Fen hjar eable frijdomsmin. } *twaris.*

Né, wy litte ús tael net farre,
Jimmer hâlde w'm yn ear!
Sûnder 't Frysk nin Fryske seden,
Sûnder 't Frysk nin Friezen mear! —

v. L. s. 12.

C. COLMION.

It Aldershûs.

Troch sêen skaet en lannen,
Fier oan 't Westerstrân,
Tink ik mei sucht en triennen
Oan dy, myn heitelân!
It wâllet troch myn herte
Mei ingele harp-gerûs,
Tink ik oan dy, myn Fryslân,
En oan myn âldershûs.
Hûs, ljeaf ljeaf âldershûs!
Tink ik oan dy, myn Fryslân,
En oan myn âldershûs.

Der blinke glêdde marren
Yn 'e sinneskyn,
Hwêr ranke boatsjes driuwe
Sêft dounsjend op 'e wyn,
En as de fûgels floitsje
Op fean en bou en sân,
Hja geie 't út fen wille
Yn dy, myn heitelân.
Lân, lieaf lieaf heitelân!
Hja geie 't út fen wille
Yn dy, myn heitelân.

Yn 't beammeskaed beskûle
Stiet ús âlde went;
In smouter plakje op ierde
Ha 'k nearne, nearne kend.

Der het ús mem my widze
Sa sillich yn 'e sûs.
Der boarte ik oan hjar knibbel
Yn dy, myn âldershûs.
Hûs, lieaf lieaf âldershûs!
Der boarte ik oan hjar knibbel
Yn dy, myn âldershûs.

It wrede needlot twong my
By myn âlden wei,
En alles hwet ik lieaf ha,
Liet ik yn Fryslân nei.
Dêr wenne alear in famke
Dy joech my hert en hân,
Nou rêst hja op it tsjerkhôf
Yn 't yn-lieaf heitelân.
Lân, lieaf lieaf heitelân!
Nou rêst hja op it tsjerkhôf
Yn 't yn-lieaf heitelân.

Lit my ek ienkear lizze
Yn 'e Fryske groun;
Foar 't my myn lân werom het
Hab ik nin rêste foun;
'k Wol oer de sêen strûze
Troch stoarm en weachgebrûs,
En stearre yn 't âlde Fryslân,
Yn 't yn-lieaf âldershûs.
Hûs, lieaf lieaf âldershûs!
En stearre yn 't âlde Fryslân
Yn 't yn-lieaf âldershûs.

Fryske sang.

O, rôlje oer bou en greiden
En wâlden, fier yn 't roun,
Forspraet dyn bliere klanken
Oer hiel de Fryske groun!
Trilje eltse Fries yn 'e earen,
O golle Fryske sang;
Wy sill' dyn wizen sjonge } *twaris.*
Us hiele libben lang!

Hwet tiids-tosk ek fordylge,
Ef hompte yn iiw'ge rêst;
Hwet wikselt ef foroaret.
Wy hâlde ús sprake fêst.
Wy sille, as de âlden, sjonge
De golle Fryske sang;
Syn wizen sille klinke } *twaris.*
Us hiele libben lang!

En sil ús stim ris swije
En geane d'eagen ticht,
Dôchs sil 't dêroan net lizze,
Dôchs klinkt in eabel dicht.
Den sil de neiteam sjonge
De golle Fryske sang;
Syn wizen sille klinke } *twaris.*
Hjar hiele libben lang!

Ja, salang beammen bloeije,
 Salang it wyntsje waeit,
 Salang de gêrskes tierje,
 Salang de hoanne kraeit,
 Sa lang sistou ek klinke,
 O golle Fryske sang;
 Sist rôlje oer bou en greide, $\left. \begin{array}{l} \text{Sist rôlje oer bou en greide,} \\ \text{Sa lang, sa lang, sa lang!} \end{array} \right\} \textit{twaris.}$
 Sa lang, sa lang, sa lang!

v. L. s. l.

T. R. DYKSTRA.

Wâldsang.

Moai sûnder wjergea binne de wâlden;
Smûk-skaedzjend beamtegrien oeral yn 't roun!

Blierlaeitsjend bou-lân, tierige greiden,
Sjongende fûgels, sânnich de groun! (*twaris.*)

Moai sûnder wjergea binne de wâlden;
Smûk-skaedzjend beamtegrien, oeral yn 't roun!
Oeral yn 't roun, yn 't roun, oeral yn 't roun!

Maeimoanne pronkseal' binne de wâlden;
't Hôf klæid yn bloeiselwyt, geal sjongt en slacht.

Kijkes yn 't miedlân rinne to weidzjen,
't Nôt weacht it fjild oer: swiid is de pracht. (*twaris.*)

Maeimoanne pronkseal', ensfh.

Nocht oars sa nearne joue de wâlden;
Oerfloedich libbens-swiet, sounheit en tier,

Foarjiers en simmers; hjerstmes en winters;
Fjildwille en hûsfreugd' troch 't hiele jier. (*twaris.*)

Nocht oars sa nearne, ensfh.

Fryske biwenners habbe de wâlden;
Hja libje froed en from; sljucht binn' se en rjucht;

Eang fen útwrydsken, gol en ienfâldich;
Altiid de selde hwêr me se ek sjucht. (*twaris.*)

Fryske biwenners, ensfh.

v. L. s. 51.

H. SYTSTRA.

Dokter Eeltsje sankje.

Rôle, rôle, wetterweagen,
Rôle en brûs om 't âlde Grou!
Myriaden foar ús eagen
Fleagen, stouwen om ús Grou.
Rôle, rôle ús foarby!
Hurde Friezen bliuwe wy! (*twaris*).

Rôle polskje, Fryske weagen,
Rôle, wâlje om 't âlde Grou!
Brûs en wiggelje, âlde weagen,
Kroanje d' âlde rounne trou.
Rôle, wâlje, âlde Grou,
Byld fen echte Fryske trou! (*twaris*).

Heit en mem binn' hjir beditsen,
Berntsjes, twiichjes fen myn hert.
Suchten binne hjir forbritsen.
Dy myn God allinne heart.
Grouster weagen, bliuw my by,
Rôle, rôle ús foarby! (*twaris*).

T. s. 91.

Dr. E. HALBERTSMA.

Sémans ôfskie.

Bolle súde-wyntsjes waeije;
Fen 'e maei-tiid sjonge hja;
Neat kin mij op 't lân mear paeije:
'k Moat nei 't romme wetter ta.
Kin 't myn migen ek net haegje,
't Moat for my op sé wer daegje;
Bolle wyntsjes waeije sa,
Lûke nei de sé my ta!

Lit him wâlje, lit him woelje,
Brûzje en bromje, wyld en rou;
't Frjeone-hert sil nea forkoelje,
't Bliuwt nei jier en dei yet trou.
Hwêr 't wy doarmje, hwêr 't wy stouwe,
'k Sil oan jimme tinken bljouwe,
Frjeonen, my sa goed en gol!
Jow de hân my, en far wol!

God is by ús, hwêr 't w' ek binne,
Hwet hjir ljeaf hat, wurdt net skaet!
As jimm' jouns de stjerren sjenne,
Tink oan my op 't fiere paed!
Oer ús skynt de selde sinne,
Hwêr 't wy op 'e wrâld ek binne;
Tink oan my op 't fiere paed,
Hwet hjir ljeaf hat, wurdt net skaet!

Skippers-sankje.

Forjit my net, as holle wyntsjes waeje
En ik oan 't roer myn sangkje sjong;
As krûze weagen 't gledde skip om-aeije;
Forjit my net! (*twaris.*)

Forjit my net, as milioenen stjerren
En 't frjeonlik moantsje my biskynt,
En dou swiet dream' hest yn 'e sêfte fearren;
Forjit my net! (*twaris.*)

Forjit my net, as wylde thouwerfleagen
My slingerje dêr God it wol;
As ik ompolskje mei de dea foar eagen;
Forjit my net! (*twaris.*)

Forjit my net, as swarte tommelweagen
Oertrûzelje it warleas skip,
En alle eleminten tsjin ús teagen;
Forjit my net! (*twaris.*)

Forjit my net, as wreed de stoarmen bylje,
En 't libben hinget oan in trije;
As wy forslein oan 't needtou ride en fylje;
Forjit my net! (*twaris.*)

Forjit my net, as we einling yet forsinke
En care yn 'e djippe sé;
Wol den mei triennen om my tinke
Forjit my net! (*twaris.*)

Wobbelke.

It hert det trillet my, it het nin roai,
Myn ljeafste Wobbelke, Myn bêste Wobbelke,
Myn weardste Wobbelke, Hwet biste moai!
Hwet biste moai!

Ik fiel oan 't kreauweljen wol hwet my let.
Myn gouden ingelke, Myn gouden ingelke,
Myn gouden ingelke, Dou bist yn 't hert,
Dou bist yn 't hert!

It hert ûntfljucht my by myn eagen troch.
It giet fen my yn dy, It rint fen my yn dy,
It leapt fen my yn dy, As ik dy sjoch,
As ik dy sjoch.

As 'k dy net by my ha, myn wille en tier,
Der ha 'k myn moed net mear, Der docht my 't
[hert sa sear,
Der bin 'k nin minske mear, Det's siker wier,
Det's siker wier.

Help, ljeafste, litste my yn sok in kwea?
O kypje's blier nei my, En glimkje's blier tsjin my;
Kom Wobbel, tûtsje my, Ef ik bin dea!
Ef ik bin dea!

T. s. 53.

GYSBERT JAPIKS.

It Marke.

It wier op in simmerjoun;
It sintsje stoe op 'e groun,
 Wol heal yn 'e dauwe wei,
 Krekt as er yn 't wetter laei.
Sêftkes en stil wier de wrâld.
It wetter laei sûnder fâld,
 En 't goudene sinnefjûr
 Sprætte syn gleonens er oer. (*trijeris*).

Min hearde flinter noch mich
Sa flodderjen oan 'e ich,
 Ef gounzeljen oer 'e poei,
 En ek nin bernegejoel.
Smûk mei de kop yn 'e plom,
Dreukelen d'einkes rounom,
 Yn 't lizich blêddige gnod,
 Yet syljende yn 'e dod! (*trijeris*).

Djip yn 'e ladene tsjalk
Song skûtefaer as in alk,
 In sang fen d' âlde tiid,
 En wier mei 't wyfke sa bliid.
En 't wyfke spoun en striik
En digere troch 'e riik,
 Troch 't heal opskou'ne lûk,
En wier mei hjar hirdke sa kloek. (*trijeris*).

En Hearkeman om hwette bú
Skout mei de peasjou er út.
Sakeman fisket op iel,
En skout, det er stint, nei it wiel,
En keilt er syn dôperkes yn,
En jowt se oan waer en wyn;
O, roan er in ielke oan!
Hwet jouch it in rike moarn! (*trijeris*).

En ik, mei in wiffe sin
Roeike myn swiet ingelin
Flink oan 'e oare marswâl,
En wier mei it fanke sa mâl;
Hwet songen, hwet boartene wy!
Hwet wier it ús rom en frij!
O wille! o, noflike tiid,
Hwet tins ik oan dy wer bliid. (*trijeris*).

Sims dreauken wy sêftkes wei,
De rimen sleau efternei.
Den fette ik hjar loardichkes om
En neamde hjar húnichblom.
Den lake hja wyt en blier,
As it maiblomke op 'e wier,
Tsjin 't ljeave rea-sinke oan
Yn de iere foarjiersmoarn. (*trijeris*).

O, ljeallike stille mar!
Hwet lake en gobbe ik mei hjar!
En hwerom brochtste sa fier
Us lûd gegou en getier?
Ei! hwerom wierste sa froed?
Ei! hwerom tilste ús lûd,

As pipen we ek as in mûs,
Sa hearich oer fjild en hûs! (*trijeris*).

O joun! o ljeaflike dei!
Hwet tins ik dy efternei.
En hwêrom fleachste sa swiid,
Dou goudene, griene tiid?
Dou himelske simmerjoun,
Hwet wierste my rêd forroun!
O! kaemste! Ei! mylde, kom!
Ei! kom my faker werom!

v. L. s. 46.

Dr. E. HALBERTSMA.

Roeijersliet.

Driuw nou, myn boatsje, driuw fleurich dêrhinne,
't Wyntsje út it Westen triuwt dy sêft oer 't wiet.
Goudglânzen struit oer de weagen de sinne;
Klear blinkt de himmel en blier klinkt myn liet;
Jufalderaldera! (*twaris.*)
Bring nou, myn boatsje, nei 't fanke my ta!

Sjongende fûgels yn mieden en greiden,
Slomjende blommen hwêr de dau op blinkt,
Brûzende weagen en waeijende reiden,
Poarperen sinne, sa moai wyl 't hja sinkt.
Jufalderaldera! (*twaris.*)
Hwêr det ik sjuch winkt myn fanke my ta.

Dêr yn det pleatske yn 'e beammen biskûle,
Dêr is it sinne-ljocht det skynt for my;
Dêr bloit myn blom op in kearsreade mûle,
Dêr is myn wille en myn sin, myn Mary.
Jufalderaldera! (*twaris.*)
Bring nou, myn boat, nei det pleatske my ta.

As yn myn libben de stoarmen faek rûze,
As ek it tsjuster oer it wetter leit,
As ek de weagen wyld skomje en brûze,
'k Wit fen gjin leed mei myn lieallike breid.
Jufalderaldera! (*twaris.*)
'k Roei mei myn fanke fol moed dêr op ta.

T. s. 82.

P. J. TROELSTRA.

Op de heide.

Op 'e heide stiet in húske
Mei in blommetún der foar,
Mar it moaiste fen 'e blomkes
Bloeit for my der binnendoar;
't Is in famke, 't is Marye,
Dêr ik jimmer wei om tink;
As de sinne yn 't Easten daget
Of yn 't Westen giet to sink.

Op 'e heide waechse blomkes,
Read fen kleur en grien fen blêd;
't Byke, dat dêr huning garret,
Giet to kar en priuwt him sêd.
Mocht ik siikje allyk sa'n byke,
Ik hie gau mei siikjen dien;
Hja soe 't huningblomke wêze
Det ik socht; en 'k bleau by ien.

Op 'e heide wurdt it winter
En den is 't der toar en krap;
Mar yn 't húske fen Marye
Dêr is 't jimmer rom en knap;
'k Sil de wintertiid forwachtsje.
En den gean ik by hjar yn,
En ik leau, det 'k oan hjar side
Simmernocht en waermte fyn.

T. s. 116.

T. G. VAN DER MEULEN.

De Boalsserter merke.

To Boalsert yn 'e merke
Seach ik in famke gean.
Ik tochte: bern! hwet biste tûk,
Sa jong en prûs, sa nuver smûk;
Ja nuver smûk, ja nuver smûk;
Sa tsjep yn sneinske klean!

Ik kaem hjar wer tomjitte
En seach hjar bjuster oan.
Ik seach hjar oan, ik seach hjar nei:
Mar seach hja my den roan ik wei,
Ja roan ik wei, ja roan ik wei
En like hast bistoarn!

Sims teach hja nei de kreammen
En koft hwet nije klean,
Mar hwet hja koft en hwet hja die
Of hwet hja to binoaskjen hie,
Binoaskjen hie, binoaskjen hie,
Hja moast my altiid sjen.

Den gloerke se oer 't skouder,
Krekt as 't in skierkert wier;
En hwet hja glûpte, ef hwet hja seach,
Ik wier hjar nea net út it each,
Net út it each, net út it each,
Al wier 'k ek noch sa fier.

De joun bigoun to kommen
En 't foltsen gong to bjier,
De famkes kuij'ren hân oan hân,
En hwet er wier yn 't Fryske lân,
Yn 't Fryske lân, yn 't Fryske lân,
Moast nou ris oan 'e swier.

Myn makkers teagen hinne
En namen elk in faem.
De pipen stieken se op 'e hoed
En seine: „man, hwet bist in bloed,
„Hwet bist in bloed, hwet bist in bloed,
„Ik wist wol hwa 't ik naem!”

Myn bloed bigoan to koaitsjen,
Ik wist to wrâld nin rie;
Ik wier dochs yet mar sauntsjen jier,
En nou al mei in faem to bjier,
In faem to bjier, in faem to bjier,
Dêr 'k nea net dounse hie!

Nou stie ik by in kreamme
Fol koeke en swiete-kou.
Ik koft hwet dúnktes for de bern
In tocht dêrmei den wei to tsjen,
Wer wei to tsjen, wer wei to tsjen,
Mar né, det wier dêr: hou:

In hele rigle fammen
Dy kamen op my ta
En tomm'len my dêr op 't it liif
En seine: „man, dêr hast dyn wiif!
„Dêr hast dyn wiif, dêr hast dyn wiif,
„Hwent Wobbel woeste ha!”

En Wobbel liet hjar sinke
In patte as in wyld;
As pypkiniel oer rizenbrij,
Ja, noch wol swieter smakke 't my,
Ja smakke 't my, ja smakke 't my,
Fen sok in aerdich byld.

En dêrnei, ûnder 't dounsjen
En patsjen sûnder ein,
Sei Wobbel: „Hwêrom stunest sa?

— „Dou woest my ommers lang al ha,
„Ei, hiest it my mar sein!”

— „Dêr”, sei ik, „dêr myn Wobbel,
„Dêr hast myn rjuchter-hân!
„Bliûw altiid rjucht en sljucht as nou,
„Hâld jimmer dy oan Fryske trou,
„Oan Fryske trou, oan Fryske trou,
„Dêr is nin fêster bân”!

v. L. s. 74.

Dr. E. HALBERTSMA.

Drachtster merke.

In lieaf in muwtel fanke,
As 't moantsje gol in blier,
Die teach nei Drachtster merke,
It hertsje licht in swier :
Mar hwærom æft se er hinne gong,
In 't hertsje hjar sa dounse in sprong,
Dat wist se net.

Hja hie hjar wakker opdien
In oanklacid mei beleid,
In alles siet sa pruwzich
As wier se ien jonge breid :
Mar hwærum æft se, yn sneinsee klean,
Just mast nei Drachtster merke gean,
Dat wist se net.

Hja kuy're mei de fammen
De merke lâns in oer,
In nearnje by de kreammen
Wie 't fanke rest æf duwr :
Mar hwærom æft se op 't selle sté
Nin eachwink stie yn ræst en fré,
Dat wist se net.

Sa roun se al jimmer hinne
De kreammen op in del,
In seach se den hjar buorfeint,
Den waerd se read in kjel:
Mar hwaerom 't bloed nei 't holtsje fleach,
Sa faek it each hjar buorfeint seach,
Dat wist ~~se~~ net.

In gong se den wer fierder,
't Wier krekt as tsjoendery,
Hja seach sa gau gjin feinten,
Æf buorfeint wier der by:
Mar hwaerom hy, hwat koers hja naem,
Hjar jimmerwei to mjitte kaem,
Dat wist se net.

't Begoun op 't lest to jounjen,
Der gong se keamer-op.
In buorfeint patte it fanke,
In neamde hjar syn pop:
Mar ho hja, uet it strict-kryoel,
Hjir smuwk in buorfeints carmen foel,
Dat wist se net.

Hja pattene as twa doukes
In layene oan in oan,
In ounder al dy wille
Forraske hjar de moarn:
Mar hwaerom æf't sa nuwer wie',
Dat hja noch lang hjar noft net hie,
Dat wist se net.

In muwle oan muwle klibjend,
Woe hy hjar tawird ha;
In 't famke, net wjerstrabbich,
Outsluwpe seft it: ja!
Mar hwarom hy dat hawwe woe,
In hja it him net weeg'rje koe,
Dat wist se net.

Nou teagen se nei huws ta
As breugeman in breid,
En kryggene op hjar boaskjen
De sein' fen mem in heit:
Mar dat it boask foar jonge lie,
Yn eare in deugd, sa sillich wie',
Dat wist se net.

v. L. s. 70.

J. G. VAN BLOM.

To! lien my in patsje!

„To! lien my ien patsje!
To famke! oi kom!
Ik jouw it dy, ljeawe,
Den daedlik werom.”
„Hwet! ik oan dy liene?
Né, dat wol 'k net dwaen,
Den wol ik, dy, bysfeint,
Yet ljeawer ien jaen. (*thryris.*)

„Nou! dat is yet better,
Den nim ik it rom,
In jaen ik dy thryris'
Hwetst my jouwst werom.”
„Né! den nimst' to folle
Yet mear as dyn part...
Och! gean dochs! Mar 'k wyt net,
Mar 'k wyt net ho 'k mat. (*thryris.*)

De sinne wier ounder,
It moantsje kroep wei;
't Wier myld op 'e joune
In 't swei, alles swei...
Dochs hearde min fluest'rjen,
Dochs klappe der eat:
't Waerd wei after 't boskjen,
Mar sjaen koe min neat. (*thryris.*)

Dou bliuwst my by.

Ik tink oan dy, hoe fier fen dy fen dinne
My 't lot ek fiert;
Dou bliuwst my by, tsjochst rounom mei my binne
Hwêr 'k swalkje op ierd'. (*twaris*).

Ik tink oan dy by 't frjeunlik sinne-gloeijen
Oer 't speeglich wiet;
As oer de mar de moanne-strielen djoeije,
Sjong 'k dy myn liet. (*twaris*.)

As 't wyntsje waeit, fiel ik myn skat, dyn amme,
Sa gol en myld;
En eltse blom boekstavert my dien namme,
Teant my dyn bild. (*twaris*.)

As 'k weitsje of sliep, dyn byld stiet foar myn eagen,
Ik tink oan dy,
By sinneskyn, yn stoarm en touwerfleagen,
Dou bliuwst my by. (*twaris*.)

T. s. 12.

G. COLMAJON.

Brulloftssang.

De man wirdt earst man, het er trouwen yn 't sin;
It wyfke hjar libben het den earst bigjin;
De feint hie nin wille, yn it libben nin tier;
De faem kwynde wei; hja hie nearne plezier.
Waerd boaskjen forbean en trouwen bilet,

En trouwen bilet,

O, leau my, myn frjeunen, 't wier dien mei de pret;
Waerd boaskjen forbean, en trouwen bilet,
O leau my, 't wier dien mei de pret.
Waerd boaskjen torbean en trouwen bilet,
O, leau my, 't wier dien mei de pret.

De blomkes fortoarje as it sintsje net skynt;
It roaske forblikt en forsejit en forkwynt.
Sa gyng it de minsken, ging 't lieafdefjûr út:
De wrâld dy stoar wei; 't joech in droewich bislút.
Waerd boaskjen forbean, *ensfh.*

Mar Adam dêr jinsen op Azia's groun,
Dy rêdde de wrâld, do 't er 't frijen bigoun;
Do rûkten de blomkes as hunich sa swiet,
En 't koar fen de fûgels song liuentsjend it liet:
Waerd boaskjen forbean, *ensfh.*

Sa wier it yn 't Eden, nou is it sa wer:
Wer bloeije de roazen; it fôrjier is dêr:
Kom, frisselje krânsen for 't feest fen de dei,
En sjong den, jong pear, sjong den laitsjende mei:
Waerd boaskjen forbean, *ensfh.*

De licafde biskine, bistricle jimm' baen:
Hja heelje de wounen dy 't ûnk mochte slaen:
Hja jow' jimme segen en nocht by de rûs,
En 't rûze yet nei, libbenslang, yn jimm' hûs:
Waerd boaskjen forbean, *ensfh.*

T. s. 70.

T. E. HALBERTSMA.

It frolike Famke.

(For frouljue.)

It libben lêst my wûnderskoan :
Ik wit fen gjin fortriet;
En fen 'e moarne ta de joun
Sjong ik altyd myn liet,
En komme soargen my binei,
Den dounsje ik hjar gau út 'e wei.
Ja! 't libben lêst my wûnderskoan.
Ik sjong altyd myn liet!

Ik wit net hwet dy fammen skeelt,
Dy suchtsje dei oan dei.
As my it ien ef 't oar forfeelt,
Den sjong ik det mar wei.
En as m' in frijer strikken spant,
Den skou ik dy mar gau oan kant.
Ja! 'k wit net hwet dy fammen skeelt:
Ik sjong de ljeafde wei.

It frije fûgeltsje yn it wâld,
Det sjongt en fljucht yn 't wyld.
En oan gjin ien him kepp'le hâldt,
Det is altyd myn byld.
As 't gealtsje jongen krijt yn 't nêst,
Den klinkt syn himel-lûd for 't lest.
Ja! 't frije fûgeltsje yn it wâld
Det is altyd myn byld.

v. L. s. 76.

J. G. VAN BLOM.

Yn 'e Snitser Merke.

„Kom, Sets-ljeaf! kom, nou keamer-op,
„Kom, litt' wy joun ris patsje;
„Dy stie de mûle er lang al nei;
„Ik sjoch it wol, myn skatsje.
„Kom faem, kom mei", sei Tsjerk,
„Kom mei to Snitser merk,
„Hwet seill' wy joun den skotse!
„'k Hab tweintich skeljen yn 'e bûs,
„Dy ha 'k fen Omke Watse,
„Dy hat se by de rûs".

En Setske fleach him om 'e hals
En hâlde as in kladde;
„Ei fanke!" sei er, „lit my los,
„Oars pattest my oan flarden".
Dermei gong 't keamer-op.
En Tsjerk sprong mei syn pop:
Sjoch feinten, sjoch hjar springen,
Hja lykje pûr as yn 'e brân,
Hja dounsje as hokkelingen
To maitiid yn it lân.

„To spylman! doch nou mar dyn bêst,
„Dou moast mar fiks-op strike!
„Fen 't dounsjen kry ik nooit myn nocht,
„Al dûrre 't ek in wike.

„Kom Sets-ljeaf, kom mei foar!
„Kom feinten, mei eltsjoar!
„Hjir hospes, hjir moast wêze!
„Earst moatt' wy 'n yn-swiet sûpke ha.
„Sok goed kin my genêze,
„Us sûpe en waei bin 'k ba.

„'k Moat simmers altiid yn 't mêd.
„En winters yn 'e groeppe;
„De kouwestirtten bin 'k nou sêd,
„Ik hâld it mei myn poppe.
„Kom, nou ris fen 'e groun!
„Kom fammen, kom, yn 't roun!
„En is it jild forsprongen.
„Den moatt' 'e hoeden fen 'e kop,
„En oars foar lege pongen:
„Stryk op! stryk op! stryk op!”

v. L. s. 111.

MASTER JOUKE.

Gribberts kar.

Bikende wize.

Ik siikje in wyfke nei my sin, o ja!
Dy 't lekker siede en briede kin, o ja!
Dy 't skrobbet, wasket, strykt en wriuwet
En dòch in aerdich wyfke bliuwt,
In aerdich wyfke bliuwt.

Dy 't rèddich is en oerliz het, o ja!
En altyd warber, ier en let, o ja!
Hjar ek wol to bihelpen wit
As soms de pong gjin romt talit,
De pong gjin romt talit.

Dy 't alles tige by 'noar hâldt, o ja!
Gjin ding forsloffet, al is 't âld, o ja!
Dy 't naeit en breidet, nacht en dei,
As 't oare wirk is út 'e wei,
As 't wirk is út 'e wei.

Dy thús hjar measte wille fynt, o ja!
En man en bern oan hjar forbynt, o ja!
Fen pronkjen en bisytsjen fij
In hekel het oan rabberij,
In pûst oan rabberij.

Koartom, yn alle silen mak, o ja!
Alheel birekk'ne for hjar plak, o ja!
En den dêrby sa goed en gol,
Dat se altyd gracch hjar skikke wol,
Ja gracch hjar skikke wol.

Sa'n brûksum wyfke moat ik ha, o ja!
Sa gau 'k se fyn, den pak ik ta, o ja!
Och lieave minsken! Gribbert woe
Wol dat er sa'n ien fine koe,
Mar sa'n ien fine koe.

WALING DYKSTRA.

Pibe in Auk.

Pibe kaem op sneintojoun,
Ha, ha, om fryery!
't Famke nei syn sin wier foun,
Ha, ha, dy fryery!
Lykwol rekke er yn it leech:
Aukjen smiet de kop sa heech,
Wier sa wærzich, stiif in steech:
O, o, dy fryery!

Ljuentsjend medde hy him oâf,
Och, och, die fryery!
Auk bleau jimmer kwartel-doâf,
Och, och, dy fryery!
Pibe griende allyk ien bern,
Spriek fen fierwei foart to tsjen,
't Wier ien griis om oan to tsjen:
O, o, dy fryery!

Al is lieafdes ûnk sa swiid:
O, o, de fryery!
Elk ding bettert mei der tiid,
O, o, die fryery!
„Gik bin'k", sei er einling sa,
„Wol de klitse my net ha,
Den gean'k nei ien oare'n ta!"
O, o, ~~die~~ fryery!

Siz ues, Dokter, ho it kaem!

O, o, de fryery!

Hy waerd soun, in siik de faem.

O, o, de fryery!

Pibe socht ien oare pop,

Pibe gyng wer keamer op,

Aukjen stiek it yn 'e krop:

O, o, de fryery!

Aukjen wier der minder oan,

Fy, fy, sa'n fryery!

Aukjen wier der minder oan,

Fy, fy, sa'n fryery!

Pibe woe net graech hjar dea,

't Griisde 'm danich om hjar wea, —

Nou binn' beide frisk in rea!

Ei, ei, sa'n fryery!

v. L. s. 84.

T. R. DYKSTRA.

Ruerd.

Lang-lêsten op in Snein-to-joun
Kaem Ruerd de bûrren yn;
Hy hie in blauwe skine roun
By Haeitse-nijboer's Tryn.
Hy wier sa min to moed,
Hy hie 'r him net for hoed:
Hy miende det er wolkom wier
En det bisloech sa tsjoed! (*twaris*)

Hy roun hwet sleau en hie net graech
Det immen him fornaem.
Fordeald! dêr hearde er eftre haech
De klachten fen in faem.
En hwet dy fryster sei
Dêr harke Ruerd ris nei;
Sa waerd er gau der mei bikend
Hwet hjar op 't herte laei. (*twaris*).

„Sa bryk! det my elkien forjit;
„Ik moat al wer nei bêd,
„Wyls 't mannich faem hjar patsje lit.
„'k Bin jong en flink en rêd;
„Hwet skilt er dôchs oan my
„Det 'k noait nin frjer krij?
„Bin 'k sa'n ein minder as in oar?
„Det docht my bare nij!” (*twaris*).

— Dit hearde Ruerd en 't griisde 'm sa.

Hy tocht net mear om Tryn.

„Kom fanke”, sei er, „wotte 't ha.

„Den gean 'k hwet mei dy yn”!

Det wier yn ienen klear.

En 't bleau net by dy kear;

Mar sauntsjin wike wier 't dêrnei

Do wieren s' al in pear. (*luraris*).

D. s. 5.

WALING DYKSTRA.

Jonker Piet en Sibbel.

De jonker, thús komd út Parys (it wier
in waerne simmerjoun), sit op in
bank oan 'e bûten-leane ten it slot.
Sibbel, de slotboersdochter, komt, jok
en amers oer 'e skonder-, mei in
linige stap de leane del.

Jonker: Bonjour, mijn allerliefste kind!
Zeg, waarom vlegt gij zoo gezwind?
Of kent gij dan den Jonker niet.
Die voor een jaar het dorp verliet?
Ik heb gereisd in 't Fransche land,
Partout, partout en homme galant,
Mais telle teinte, tels yeux jolis
N'ont pas les belles de Paris.

Sibbel: Goên-joun, Mynhear! Binn' jy dêr wer?
'k Bin wrammels bliid dat ik it hear.
Ik roun hwet gysten troch de lean
En woe sa nei de yester gean.
Mar Jonker, né! ik koe jo net;
Ik tocht jou wierne tier en fet,
Mar nou binn' jo de klean sa rom;
Ek spricken jy sa nuver krom.

Jonker: (*hy kriget hjar by de hân en smyt hjar
it jok mei de amers fen it skouder*).
Morbleu, mon coeur, vous êtes niaise
C'est des galanteries Françaises.
Kom, fop mij niet, mijn lieve zus!
Gij weigert toch geen welkomstkus?
Amusons-nous in deze laan,
En laat dat boerentuig maar staan!
Amusons-nous, amusons-nous!
Point d'amusements plus doux!

Sibbel: (*brinstiger*).
Ei, fij myn Jonker! fij myn frjeon!
Hwet binn' jy rimpen, mâl en gleon.
Jy binne dochs in grietmans bern;
Fij! lit my ljeaver mar bitsjen!
Och né! — Kom foart, it wudt to bot!
Rin nei jins fammen op it slot.
Ik nim myn amers en myn jok;
Wy habbe it nou mar tige drok!

Jonker: (*hy glimket en strykt syn great bosk
hier yn 'e hichte*).
Ma foi, vous êtes plus difficile,
Que les laitières de la ville.
Ei, laat mij maar eens met u gaan,
En kijk mij dan eens vriend'lijk aan.
Of meent gij dat ik u niet min?
O ja! gij zijt mijn hart en zin!
Je lui ferai pourtant la cour.
Elle est trop belle voor een boer!

Sibbel: (*noartich*).

Ik hâld net fen de Frânske swier.
Och, praet mar as forline jier.
Sprek net to folle fen jins hert,
Hwent siker, Sibbel leauwt it net!
It streakjen, Jonker! helpt jo net:
Ik ha myn sin op Rommert set.
Dy wrot dêr yn 't rogge-fjild:
Dy hab ik ljeaver as jins jild.

Jonker: (*hy gysgobbet*).

Ah peste! Ah, quel trait mauvais!
Non, vive donc le goût Français?
Wel, meisje-lief! wordt toch niet zot!
Die vent? Ik lach mij nog kapot!
Gij zijt te vlug, gij zijt te schoon
/ ~~X~~oor een zoo lompen boerenzoon.
Je suis un cavalier galant,
Ik bied u aan mijn linkerhand.

Sibbel: (*finnich en lills*).

Nin lofterhân, nin rjuchterhân
Fen sok in banjer fen it lân!
Mar earne Rommert, from en froed,
Dy wangen hat as mâlke en bloed.
Dêr-om, o Jonker Piet, myn frjeon,
'k Wier ljeaver by de frânskes bleaun!
De famkes yn it Fryske lân
Dy hâlde fen de rjuchterhân!

v. L. s. 105.

Dr. E. HALBERTSMA.

De Mounlersdochter.

Oan de kant fen 't stille wetter,
By it earste maitiids grien,
Siet de heawe mounlersdochter;
Tsjepper fanke wier net ien.
En in snipper hearke socht hjar;
Fliuensk en liealik praette hy.
Oan de kant fen 't stille wetter,
Nimmen wier sa bliid as sy.

Oan de kant fen 't stille wetter,
Yn it hearstwaer koel en klear,
Siet de moaije mounlersdochter;
Mar hja wier net fleurich mear.
Och, de simmer brocht hjar lijen,
Hwent det hearke, falsk wier hy.
Oan de kant fen 't stille wetter,
Nimmen wier sa droef as sy.

Oan de kant fen 't stille wetter,
Hwer de winter flokken smiet,
Seach ik wer de mounlersdochter;
Boijich en ûnlyich wie 't.
Mar de lieawe mounlersdochter
Wier fen keald en soarch ring fry.
Oan de kant fen 't stille wetter,
Yn it stille grêf leit sy.

De Séman.

Ik haw in séman kinnen,
Dy foer de wrâld yn 't roun.
Hy hie yn 't âlde Frieslân }
In lieatlik fanke foun. } (*ticaris*).

Hy sei oan 't strân: „Myn fanke,
Gau kom ik ryk werom;
Den sil ik net wer skiede }
Fen dy, myn lieawe blom.” } (*ticaris*).

It fanke kamen d' eagen
Sa fol fen suvre dau;
Hja lei hjar hân yn sines }
En sei: „Ik bliuw dy trou.” } (*ticaris*).

By 't swalkjen oer de baren,
Oan lân, 'tsy ier of let,
Yn stoarmen en gefaren, }
Syn faem forgeat er net. } (*ticaris*).

Do het de dea him wonken,
En 't boldre hel en rou —
De séman is fordronken, }
Mar bleau syn fanke trou. } (*ticaris*).

T. s. 16.

P. J. TROELSTRA.

De Maitiid kaem wol!

De Maitiid kaem wol,
Mar siik en âld
Doarst net nei bûten:
It bleau sa kâld.
De blommen drôgen,
De swel bleau wei.
En hja foar 't finster, }
Hja kwynde wei. } (*twaris*).

De dokter spriek hjar
Meilijend oan:
„If sêfte wyntsje
Det reauntet moarn!
Den mei nei bûten,
Yn 't lieawe grien!
Fortoan is 't lijen }
Den faek wol dien.” } (*twaris*).

En 't wyntsje kaem wol,
Mar 't kaem to let.
Hjar dêr foar 't finster
Hjar help it net!
't Brocht krûd en blommen
En 't sweltsje mei;
Mar 't lieafste blomke }
Det brocht min wei. } (*twaris*).

T. s. 114.

Tj. E. HALBERTSMA.

Us Pake klok.

Us Pake syn klok wier in treftige klok
Mei 'n ûrwirk sa flink en sa dreech;
En hja roun sa sekuer, hwant al njuggentich jier
Heard' elk hjar tik-tak dêr omheech.
En hja wierne lyk âld:
Pas kaem Pake op 'e wrâld,
Ef de klok kaem de doar yn mei-ien.
Mar op 't lêst bleau hja stean,
Om nea wer to gean,
En mei Pake, ek mei Pake wier 't dien.
Wol njuggentich jier
Fluch en blier, — tik-tak,
Op Pake syn wei
Roun hja mei, — tik-tak;
Mar op 't lêst bleau hja stean,
Om nea wer to gean,
En mei Pake, ek mei Pake wier 't dien.

As bern hie ús Pake safaek oan de klok
Forteld hwet him laei op it hert,
En hjar slingerslach folgjend, al hinn' en al wer.
Forhelle al syn wille en syn smert.
En do 't Pake as jong man
Mei syn breid by de hân
Foar hjar stie, rôp de klok him „goen-dei”!
Mar op 't lêst bleau hja stean,
Om nea wer to gean,

En ek Pake yn dy ûre wier wei.

Wol njuggentich jier. *ensfh.*

En ek Pake yn dy ûre wier wei. (*yn pleats
fen de earste slotrigel.*)

Gjin ien wier sa krigel as Pake syn klok,

Hja wist fen gjin stilsteun, gjin rêst;

En as hja wyks ienkear mar ophelle waard,

Den roun hja saun dagen wer bêst;

Nea net liddich of slûch,

Net oerdwealsk of ûnfoech,

Wier it jimmer in klok sûnder kwea.

Mar op 't lêst bleau hja stean,

Om nea wer to gean,

En ús Pake, ús Pake wier dea.

Wol njuggentich jier. *ensfh.*

En ús Pake, ús Pake wier dea. (*yn pleats fen
de earste slotrigel.*)

It wier op in nacht, op in dea-stille nacht,

Do waerden wy bjuster forheard;

Hwent de wekker, yn jierren en jierren net brûkt,

Roun ôf mei in heislike feart.

En hja tik-takke al oan,

Mar it lûd wier bedoarn,

En it roun ús sa kâld oer de lea:

Hwent de klok bleau do stean,

Om nea wer to gean,

En ek Pake, och ús Pake wier dea.

Wol njuggentich jier, *ensfh.*

En ek Pake, och ús Pake wier dea. (*yn pleats
fen de earste slotrigel.*)

Lit ús nou de wrâld forjitte.

Lit ús nou de wrâld forjitte,
Mei syn bodzjen hurd en swier!
Lit w'as berntsjes by 'noar sitte,
Ien fen sin, sa gol en blier!
Lit ús siele omhegens kluwe,
Hwêr de mylde moanne skynt;
Lit s'yn sulverglânsen driuwe,
Ont hja rêst en frede fynt.

Frede, frede mei de minsken,
Frede mei ús egen hert.
Hwet wy diene, hwet wy winsken,
't Ljocht fen 't Goede ûntskeat ús net.
Rekken wy it paed ek bjuster,
Yn ús herte spriek in stim:
Strieljend troch it swarte tsjuster
Skynt in stjer, o sjuch nei him!

Boppe wolken giet de sinne
Lâns hjar baen fen blinkend goud;
Jit, oer alle folken hinne,
't Lieaflik ljocht, det libben jout.
Boppe 't ierdske bodzjen blinke
Strielen fen 't lieafdeljocht;
Hwa s'yn 't lyend herte sinke
Ha hja lok en libben brocht!

Golle lieafde, ljocht fen 'e ierde,
Weitsje for ús op ús paed;
As w' yn 't tsjuster taeste en riede,
Kom, fordriuw den 't swarte skaed.
As it kwae ús wyld oangrânzet,
Wurdt ús 't herte yn 't striden kâld,
Lieaflik ljocht, det iwich glânzet,
Brek de wolken fen 'e wrâld.

T. s. 128.

P. J. TROELSTRA.

Fryslân boppe!

Fen alle lannen op 'e wrâld,
Is 't Fryslân dêr ik meast fen hâld,
Hwêr 't oaren ek op romme,
Op fruchtbre fjilden romme wy
Op blinkend noat, op glêdde kij, } *twaris.*
Yn greiden moai bi-blomme.

Fen alle talen op 'e wrâld,
Sil 'k Fryslân's sprake, ryk en âld,
Altiden meast biminne.
Lit follen dêr op smeule en dwaen }
Dat is dy ljuwe ta to jaen, } *twaris.*
Omdat se ús tael net kenne.

De seden fen in echte Fries,
Binn' 't dy ik fier boppe oaren kies,
O, mocht ik him mar lykje!
Ienfâldich, sonder wyn en blast }
Rjuchtút en plat: in franske kwast } *twaris.*
Moat for in Stânfries wykje.

Oeral binn' fammen, kreas en blier,
Mar 'k hâld it mei de fryske fier,
Dy 't, sonder falsk to flaeijen,
Binn' gol en frjeonlik út er aerd }
En fij fen laf onskiklik praet, } *twaris.*
En sedich yn hjar klaeijen.

Ja, reisgje frij de wrâld yn 't roun,
Hwêr wurdt in twade Fryslân foun?

Wy doare drystwei roppe:

Us âlde Fryslân spant de kroan, }
Gjin lân op ierde komt der oan, } *twaris.*

Wy sjonge: Fryslân boppe!

D. s. 2.

Y N H ^A L D.

	Blods.
Frysk Folksliet.	5
Fryslân	6
Lietke.	7
De Fryske tael	9
Us Fryske tael sil bliuwe	11
Wy, wy litte ús tael net farre!	12
It Alderhús.	13
Fryske sang	15
Wâldsang	17
Dokter Eeltsje sankje	18
Sémans ôfskie	19
Skippers-sankje	20
Wobbelke	21
It Marke.	22
Roeijersliet	25
Op 'e heide	26
De Boalserter merke	27
Drachtster merke.	30
To! lien my ien patsje!	33
Dou bliuwst my by	34
Brulloftssang	35
It frolike Famke	37
Yn 'e Snitser Merke.	38

	Bleds.
Gribberts kar	40
Pibe in Auk	42
Ruerd	44
Jonker Piet en Sibbel	46
De Mounlersdochter	49
De Séman	50
De Maitiid kaem wol!	51
Us Pake klok	52
Lit ús nou de wrâld forjitte	54
Frieslân boppe!	56

nr. 653.

PRINTFLATERS.

- Side 3, rige 8, stjyt: *dy net*, lês: *dy sa by inoar net*.
" 5, " 12, " *wirden*, lês: *wurden*.
" 12, " 1, " *ûs*, lês: *ús*.
" 13, " 20, " *lieaf lieaf*, lês: *ljeaf ljeaf*.
" 24, " 10, moat stean: (*tryeris*).
" 27, " 8, stjyt: *Een seach*, lês: *En seach*.
" 29, foegje tusken rige 11 en 12 yn: *Ja, lang
al ha (twaris)*.
" 48, rige 16, stjyt: *Woor*, lês: *Voor*.
-